

## Frysk foar Frysktaligen, pabo 1, toets 2

### Opdracht 1 (25 punten)

Yn de ûndersteande tekst steane trije soarten flaters:

- staveringsflaters (wurden dy't ferkeard skreaun binne);
- grammatikale flaters (wurden dy't yn de ferkearde folchoarder steane);
- ynterferinsjes (wurden dy't út it Nederlânsk komme en dy't net yn in Fryske tekst hearre te stean).

Understreekje alle flaters en skriuw de ferbettering derûnder. Feroarje neat dat goed Frysk is, want dêr wurde punten foar ôflutsen.

De West-Ierske stêd Galway wurdt offisjeel twatalig. Dat hat it gemeentebestjoer ferliene wieke besletten. De Ierske president Michael Higgins brocht freed in besite oan Galway om it nije twatalige belied bekend te maitsjen.

Ierlân hat twa offisjele talen: Iersk en Ingelsk. It Iersk is allinne mar dominant yn een peer gemeenten op het plattelân. Die Iersktalige doarpen wurde yn it Iersk de 'Gaeltacht' neamd. De measte van dy Gaeltacht-dorpen lizze ien út westen fan Ierlân. Ien it grutste part van Ierlân slacht it Ingelsk foar master op.

Galway is foaral Ingelsktalich, mar op it plattelân om Galway hinne spreke de minsken wol in protte Iersk. Ferline jier besleat it gemeentebestjoer fan Galway al om een spesjale nijbouwyk te bouwen foar Ierskpraters. De stêd sels wol ut Iersk stypje troch twatalig te wurden. Het Iersk en Ingelsk soene yn 'e praktiek een lykwaardige status moatte krije.

Presidint Higgins syn taspraak wie fonsels yn yt Iersk. Hy die in oprop oan du Ieren om du oarspronklike taal fan hun lân mear te broeken. It doel is om it Iersk yn een perioade fan fjouwer jier op te wurdearjen ta in folwaardige bestjoerstaal: yn 2019 moat it proces fierhinne klear wêze. It stedsbestjoer wol dat op termyn olle Ierwenners beide talen goed behearskje.

Opdracht 2 (6 punten)

*Set de ûndersteande Fryske wurden oer yn it Nederlânsk. Der meie gjn staveringsflaters yn it Nederlânsk sitte en meist de wurden net ôfkoartsje.*

- a. bonkerak **geraamte**
- b. grou **dik**
- c. beuker **kleuter**
- d. mychammel **mier**
- e. dûk **duik (of: deuk)**
- f. doek **doek**

Opdracht 3 (16 punten)

*Set de ûndersteande Nederlânske sinnen sa letterlik mooglik oer yn goed skriuwtaal-Frysk.*

- a. De slimme jongen leest een dik boek.

**De tûke jonge lêst in tsjok boek.**

- b. De deuren van de bibliotheek zijn nog dicht.

**De doarren fan de biblioteek binne noch ticht.**

- c. Wanneer gaan jullie trouwen?

**Wannear sille jim(me) trouwe? (Wannear trouwe jim(me)?)**

- d. Wie heeft dat boek geschreven?

**Wa hat dat boek skreaun?**

- e. Is dat grond waar ik een boerderij op kan laten bouwen?

**Is dat grûn dêr't ik in pleats op bouwe litte kin?**

- f. De lucht is blauw en het gras is groen.

**De loft is blau en it gers is grien.**

- g. Ik hoop dat jullie alles goed geregeld hebben.

**Ik hoopje dat jim(me) alles goed regele ha(wwe).**

- h. Mijn moeder ging terug naar de garage.

**Us mem gong/gie/gyng werom nei de garaazje.  
(By it skriuwen mei der in streekje op de haadletter U.)**

Opdracht 4 (10 punten)

*Yn elk fan de ûndersteande sinnen sit presys ien wurd dat gjin goed Frysk is. Understreekje dat wurd en skriuw de ferbettering derûnder.*

a. De bern fûnen it hiel ~~ereh~~ dat de juf de skonk brutsen hie.

slim

b. De teatermakker hat syn hiele ~~leven~~ lang yn Fryslân wenne.

libben

c. Hoe soe it komme dat Afke ~~sieh~~ de lêste tiid sa min fielt?

har

d. Soesto dêr miskien efkes wachtsje wolle ~~tot~~ de post komt?

oant

e. Net ien wist dat it ferbean wie om ~~tidens~~ de gearkomste in sigaret te smoken.

yn / ûnder

Opdracht 5 (8 punten)

*Beantwoord de onderstaande vragen duidelijk en in correct gespeld Nederlands of Fries.*

a. Waarom schrijven we in het Friese woord 'ruter' geen streepje op de **u**?

Dat doen we, omdat de u-klank in een open lettergreep als een 'u' zonder streepje wordt geschreven.

b. Waarom schrijven we het Friese woord 'sjeny' met een **y** en niet met een **i**?

Dat doen we, omdat de korte i-klank aan het einde van een woord altijd als een 'y' wordt geschreven.

c. Waarom schrijven we het Friese woord 'dwerchje' met **ch** en niet met een **g**?

Dat doen we, omdat we de g/ch-klank voor de verkleinwoorduitgang -je altijd als 'ch' schrijven.

d. Waarom schrijven we het Friese woord 'bûter' met één **t** en niet met twee?

Dat doen we, omdat een medeklinker na een letter met een dakje niet verdubbeld wordt.

### Opdracht 6 (5 punten)

Beneam de wurdsoarten fan de wurden yn de ûndersteande sinnen (taalkundige ûntleding). Brûk de Fryske nammen fan de wurdsoarten. Skriuw se folút. Ofkoartingen wurde net goed rekkene.

Hoera,	ús	skoalle	is	de	kampioen!
útroptwurd	(besitlik) foarnamwurd	haadwurd	tiidwurd	lidwurd	haadwurd

Moarn	krije	wy	hjir	twa	nije	kollega's.
bywurd	tiidwurd	(persoanlik) foarnamwurd	bywurd	telwurd	eigenskipswurd	haadwurd

It besitlike foarnamwurd stie net as term yn de reader, dêrom is it yn de earste sin net ferkeard rekkene as der by 'ús' in oarsoartich foarnamwurd ynfolle wie of as it fakje leechlitten wie.

### Opdracht 7 (30 punten)

Beskriuw hjirûnder dyn earste staaasje op in basisskoalle. Brûk tusken de 100 en 150 wurden. Hâld dy oan de gebrûklike regels foar skriuwtaal-Frysk.

Foar in 6 moast de tekst yn prinsipe frije wêze fan staveringsflaters. Minsken dy't minder as 99 wurden brûkt ha, krigen in 1. It tal punten foar dizze fraach is berekkene troch it sifer kear 3 te dwaan.